

[0430]

De peidoarren

Yn de kronyk fan Petrus fan Thabor stiet in forslach fan tsierderijen to Boalsert yn 1480. Petrus forhellet hoe't it folk gearkommen wie yn 'e Martini-tsjerke om de tastân to bipraten. Hja koene it lykwols net iens wurde en it drige op 'en fjochtsjen to gean, binammen doe't Claes Epis it hwat steil opsein hie: 'Ende, alsoe vroe als Claes die woerden hadde ghesproken, soe quam daer een gherucht onder die borghers in die kerck, alsoe dat die eene teghen den anderen schenen te vechten, want sie toghen die messen wt, ende liepen malcander mit scotten naet lyf, ende die doeren vander kercke worden ghesloten; ende die heren waren int choer, ende sie smeten die peydoer van dat choer toe, ende floghen int sacristy, ende deden die doer toe, ende waren alsoe koen niet, dat sie onder die borghers quamen¹.

By it lêzen fan dy passaezje kaem de fraech op: h w a t i s i n p e i d o a r? It liket op it earste gesicht net sa'n slimme saek to wêzen om dy fraech to bianderjen as wy der inkelde wurdboeken op neislaen. Waling Dykstra seit dat *pei* it foarportaal fan 'e tsjerke is, ek wol de foartsjerke neamd, en dat de *peidoarren* de doarren tusken portaal en tsjerke binne. It kinne ek de doarren tusken in keamer en in foarhús of winkel wêze. Dy keamer wurdt dan wol *peikeamer* neamd².

It *WNT* set op *pui* it wurd yn in rommer forbân: *pei* hinget gear mei *pui*, dat ôflaet is fan it latynske *podia*. *Pei* is de Fryske fariant fan *pui*. *Pui* bitsjut: (1) in heger plak dat men brûkt om it folk ta to sprekken, (2) in skoarjende balke of muorre, (3) in muorre of lewant. Hjoeddedei wurdt it wurd yn it Hollânsk noch brûkt yn de gearstalling *winkelpui*.

As ien fan de foarbylden fan de earste bitsjutting neamt it *WNT* de forhevenheit, it sprekkersplak of it foarlêzersbuordtsje yn in roomske tsjerke en jowt dêr de folgjende teksten by: Den prochipape zal t sondachs te voorent in de p o y e den dach notifieren, jnsinueren ende over de zelve doen bidden (anno 1553); Tsnuchtens zoo deden den bysscop een sermoen, maer eer hy in die p o y e quam, zoo was .. (anno 1566); Van de p o e i e afroepen in de kerke (aant. van Gezelle). Nou is de earste fan de trije bitsjuttingen yn it *WNT* de âldste en it liket net ûnmooglik to wêzen dat de bineaming fan it sket tusken foartsjerke en preekromte as *pei* gearhinget mei it gebrûk om fan de kreaake ôf to bibellêzen en ôfkundigingen to dwaen. Foarhinne wie de oargelist faek tagelyk foarlêzer en die er ek wol de ôfkundigingen. Yn forskate tsjerken is dat noch dúdlik to merkbiten oan it foarlêzersbuordtsje mei de steatebibel op 'e balustrade fan de kreaake: de man hoegde foar it foarlêzen net earst nei ûnderen ta. In moai foarbyld fan dy sitewaasje is to sjen yn Súdhorn. De ôfkundigingen wiene eartiids folle wiidweidiger en waerden sawol

troch dûmny, koster as oargelist-foarlêzer dien, al nei't yn it plak wizânsje wie³. Hoewol't dat net direkt to biwizen is, kin hjir in forbân wêze mei it wurd *pei* yn de earste bitsjutting.

Lit ús nou nochris sjen nei it forhael fan Petrus fan Thabor oer hwat der yn 1480 barde yn de boalsserter tsjerke. De geastliken wiene yn it koar en diene de peidoar fan it koar ticht om foar to kommen dat it folk ek yn it koar komme soe. Dy doar siet dus yn in ôfsluting tusken koar en skip. Dy ôfsluting is nou fordwoun en wy witte net hoe't er der útsjoen hat. It kin in great koarhek west ha lykas wy hjoed de dei noch fine yn de greate tsjerken fan Swol, Elboarch en Doardt. It kin ek in doksael west ha, in soarte fan kreaake dy't brûkt waerd troch de geastliken foar bibellêzingen en ôfkundigingen. Ek koe dêr it sjongkoar stean en soms waerd it oargel op it doksael set. Yn Fryslân bleau allinne yn Easterein it doksael biwarre, wylst wy it yn Grins noch fine yn Krewerd, Holwierde, Ter Apel en Leermens (in restant). Mooglik kin neijer ûndersyk fan de boalsserter archivalia mear ljocht yn dizze saek bringe. Wy moatte nou folstean mei to konkludearjen dat der in fikse koarôfsluting west hat mei in doar, dy't peidoar neamd waerd.

Mear swierrichheden as by de boalsserter Martinijowe de meidielings oer de St. Jacobskapelle to Ljouwert. Op 12 novimber 1538 sleaten de fôden fan it St. Anthoany-gasthús to Ljouwert mei Douwe, in timmerman, in kontrakt om de St. Jacobs-kapelle to bitimmerjen. De oerienkomst bigjint mei: 'Anno XV^c XXXVIII, den XII dagh Novembris, hebben wy, Mr. Tziepke Schierxma ende Lijouwe Lijowe zoen ende Obbe Dierck zoen, Douwe timmerman bistedt Sinte Jacobs-Capelle toe bysindelen ende beneden die geheel Capella to bibancken, gelick als Sinte Anthonis-Capella bibanckt ys, met die peygen ende peijsdoren, gelick als tot die nonnen ys; ende sullen die peygen staen tusken die twie stilen naest aen die oltaers; als in thegenwoerdicheit geschiedt van Joest Wyllem zoen ende Jan tymmerman; ende sullen die bancken gaen van die peygen hen tot die andere syde, rede aen die peygen met drie oft vier mans (?) hen bancken achter in die capella, als to Jacobpinen ys, foer die andere bancken'⁴.

It St. Jacobs-gasthús wie stifte yn 1478 en yn 1511 ûnder it bistjûr fan de fôden fan it St. Anthoany-gasthús kommen. By de tsjerke fan it St. Jacobs-gasthús waerd yn 1541 de St. Jacobs- of Nije toer boud, dy't yn 1884 wer ôfbrutsen is. De kapelle rekke nei de Reformaesje bûten gebrûk en is letter ta wen- en pakhús fortimmere⁵. Foar de ynterpretaesje fan it kontrakt binne wy dus alhiel op 'e tekst sels oanwiisd. Tusken de beide stilen dy't it tichtst by it alter steane, moatte 'peygen' komme: dêr wurdt sa't liket hjir mei bidoeld dat der in koarhek komme moat tusken koar en skip en dat hek wurdt dan mei 'peygen' oantsjut. Fierders sil by dizze kapelle earder oan muorstilen of pilasters as oan pyllders tocht wurde moatte, as



(boppe) Lykas yn mear tsjerken yn Eastfryslân is ek to Schörtens de tribune-eftige skieding tusken koar en tsjerke, it doksaal, stean bleaun

(ûnder) To Boalsert is nei de restauraesje de preekstoel op 'e grins fan koar en skip delset. Op dy grins stie yn de roomske tiid in koarhek of in mitsele doksaal

der oer stilen praet wurdt. Hoe't de banken set wurde moasten is net dúdlik. Men kin tinke oan in opstelling dwers op 'e muorre, mei de manljusbanken oan de iene en de frouljusbanken oan de oare kant. Ek is it mooglik dat de banken yn it lang by de noardmuorre lâns opsteld waerden.

De konklúzje is dat pei en peidoarren foarhinne net allinne brûkt waerden om de ôfskieding fan de foartsjerke oan to jaen, mar ek foar de ôfskieding tusken koar en skip. Yn beide gefallen mei men tinke oan in gearhingjen mei de âlde bitsjutting fan 'podium': in forhevenheit dêr't men op stiet om it folk ta to sprekken.

Kollum

R. Steensma

Noaten

1. Peter Jacobsz. van Thabor, *Historie van Friesland*, uitgeg. door H.W.C.A. Visser en H. Amersfoort in: *Archief voor vaderlandsche en inzonderheid vriesche geschiedenis, oudheid- en taalkunde, I-II*, Leeuwarden 1824-'27, s. 29.
2. Verg. J. Bergsma, *Taalkundige opmerkingen*, Driem. Bl., jg. 12, s.50.
3. H.J. Prakke, *Kerkgang om nieuws*, Assen 1955, s. 19ff.
4. W. Eekhoff, *Oorkonden van het St. Anthony-Gasthuis*, Leeuwarden 1876, s. 298f.
5. (W. Eekhoff,) *Geschiedenis van het Sint Anthonij-Gasthuis te Leeuwarden*, Leeuwarden 1854, s. 77-87.